Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

**JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2015 FAN IT**

**Wurkferbân / Wurkgroep**

Maritime Skiednis

**DOELSTELLING:**

Befoarderjen fan de stúdzje nei - en de belangstelling foar, de maritime skiednis fan Fryslân

**BESTJOER**

| | |
|---|---|
| **Foarsitter** | Rob Leemans |
| **Skriuwer** | Jelle Jan Koopmans |
| **Leden** | Siem van der Woude, Jan de Vries, Hanno Brand |
| **Binne der yn 2015 bestjoersleden ôftreden?** | Nee |
| Sa ja, wa en yn hokker funksje? | |
| **Binne der yn 2015 nije bestjoers-leden beneamd?** | Nee |
| Sa ja, wa en yn hokker funksje? | |
| **Wienen der op 31 desimber 2015 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?** | Nee |

**LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep**

| | |
|---|---|
| Tal leden op 1 jannewaris 2015 | 45 |
| Tal leden op 31 desimber 2015 | 47 |
| Talittingsbetinksten | |

**AKTIVITEITEN**

| **Lêzingen / gearkomsten** | | |
|---|---|---|
| Datum | 1. | 18-04-18 |
| Sprekker | | Johan Halstein |
| Titel fan de lêzing | | Skipsboek Tromp |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 19 |
| Gearfetting (maksimaal 15 regels) | | |
| Johan Halstein presentearret syn ûndersyk nei it skipsboek Tromp. Dit skipsboek is oan it museum yn e Jouwer skonken troch de famylje Cath. Yn 1999 is dit hiele boek troch him op 'e foto set en in kopy fan it boek is te finen by Tresoar. Ien fan de skippers op dit skip wie skipper Luijtje Lucas út Jouwer dy om ende by 1764 op dit skip fear. Hy makke ferskillende reizen fan de Eastsee nei Súd Europa. Alle ynkomsten en útjeften fan it skip binne yn it boek opskreaun. Dêrtroch jout it in moai byld fan de proviand oan board, de bemanning fan it skip en it plakken dy waarden oandien. Sa kocht de bemanning bier yn by it ferstjerren fan ien fan de bemanningsleden en waard der garnier oankocht. Garnier tsjinnet foar it ofdekken fan de lading. Fierder is it bysûnder dat foar yn it boek in wiidweidige ynstruksje is te finen foar de navigaasje fan it skip skreaun troch Jelle Jans Hollander. It is fie rder ûnbekend wa dizze man wie en wat syn relaasje mei dit skip wie. | | |
| Datum | 2. | 18-04-18 |
| Sprekker | | Carolien Hack |
| Titel fan de lêzing | | Museum Hylpen |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 19 |
| Gearfetting (maksimaal 15 regels) | | |
| It museum Hylpen hat in rike kolleksje oer de unike skiednis fan dit stedsje mei namme rjochte op de | | |

achtjinde ieu 'de Gouden Ieu' fan Hylpen. Yn dy perioade wiene de meastepart menniste Hylper skippers aktyf yn de houtfeart op Noarwegen en de Eastsee. No is it museum fan plan om út te breidzje en wolle sy yn in diel fan it museum oandacht besteegje oan in reis fan in skip yn de achtjinde ieu. Dus hoe gie sa'n reis yn syn wurk, hoe siet it mei de bemanning, de navigaasje de fracht en de befrachting. De wurkgroep giet nei oanlieding fan de presintaasje fan mefrou Hack en de fragen dy sy steld hat ynventarisearje of en yn hoefier wy hjir in nuttige bydrage oan kinne leverje. In oantal leden jout oan hjir wol oan mei wurkje te wolle. Underwerpen dy hjirby oan de oarder komme sille binne: It skip, tarieding reis, lading, fuortgean, seereis, bestimmingen, retourreis, thuskommen.

| | | |
|---|---|---|
| Datum | 3. | 03-10-18 |
| Sprekker | | Rob Leemans |
| Titel fan de lêzing | | Blazer / TX 33 |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 25 |
| Gearfetting (maksimaal 15 regels) | | |

Rob Leemans fertelt oer de skiednis fan de TX33 in fiskerskip fan Texel. Dit skip fan it type Blazer is yn 1917 boud yn opdracht fan de famylje Drijver. In famylje dy ferskillende generaasjes belutsen wie by de fiskerij fan Texel. Oer it ûntstean fan it skipstype Blazer binne ferskillende teoryen. Rob jout oan dat him it meast wierskynlik liket dat elk skipsstype boud is en oanpast is foar it wetter wêr't it op fear. Blazers wiene tige gaadlik foar fiskerij op de Noard- en Waadsee. Ek de fiskers fan Peazens Moddergat wêrfan by de ramp yn 1883 in soad fan omslein binne fieren mei skippen fan it type Blazer. Nettsjinsteande hat de Blazer it as fiskersschip dus noch lang uthalden. De TX33 is nei jierren fan efterstallich ûnderhâld yn Makkum telane kommen en folslein restaureard. Yn de maitiid en simmermoannen kinne jo in tochtsje op dit skip meitsjen.

| | |
|---|---|
| Datum | 03-10-18 |
| Sprekker | Peter Tolsma |
| Titel fan de lezing | Trek en beurtskippers Workum |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | 25 |
| Gearfetting (maksimaal 15 regels) | |

Peter Tolsma fertelt oer de trek- en beurtskippers yn de stêd Warkum. It ferskil is dat in trekschipper in fêste ferbining tusken twa stêden foarme en in beurtschipper op ferskillende stêden. Yn tsjinstelling fan wêr faak fanút gien wurdt wiene dizze skippers ridlik ryk. It berop waard yn soad fallen fan heit op soan trochjûn. In soad fan harren wennen oan it Sud yn Warkum wat ien fan de rikere buerten wie. Iennige nuansearring by dit byld is dat it wêze kindat guon minsken him trek- of beurtskipper neamden mar yn wurklikheid oaren foar him farre lieten. út de keuring fan 1690 blykt dat der troch de ynstânsjes goed op dizze skippen tasjoen waard. Sa waarden in oantal sommeard op straffe fan in boete om har skip op te knappen of om in oar hynder oan te skaffen. Ek de list fan tariven fan mooglik te ferfieren produkten is ymposant. Der waarden ûnder oare itensguod, meubelen en muzykynstruminten mei it beurtschip ferfoert.

| **Sympoasia** | | |
|---|---|---|
| Datum en lokaasje | 1. | 31 jannewaris 2015 Maritieme Academie Harns |
| Titel | | Maritime Skiednis Harns |
| Doelstelling | | In breed publyk ynformearje oer / en in wittenskiplike bydrage leverje oan de maritime skiednis fan Harns. Reklame foar de wurkgroep en de Fryske Akademy. |
| Sprekkers en titel bydrages | | Yme Kuyper, Thea Roodhuyzen, Jeanine Otten, Cle Lesger. |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | 110 |
| Gearfetting (maksimaal ½ A4) | | |

Sneon 31 jannewaris fûn it jierlikse sympoasium fan de wurkgroep maritime skiednis plak yn de

Maritime Akademy yn Harns. De skiednis fan de havenstêd Harns stie dêrby sintraal. Neidat de foarsitter Rob Leemans de 110 gasten in hertlik wolkom neamd hie naam waarnimmend boargemaster Roel Sluyter it wurd. De hear Sluyter is bliid dat der yn dit sympoasium oandacht bestege wurdt oan de maritime skiednis fan de stêd Harns. Hy wiist op it feit dat de histoaryske haven / binnensted moai bewarre bleaun is. Harns is noch hieltyd in libjende havenstêd wat blykt út tal fan aktiviteiten lykas de Tall ship races, de plannen run de Nova Zembla Experience, de inisjatyven run de yndustryhaven en it binnenheljen fan cruiseskippen. Direkteur Mintjes fan de Maritime Akademy fynt it in eare dat it sympoasium yn syn skoalle hâlden wurdt, hy wiist op de lange histoarje fan de seafeartskoalle (sûnt 1819) yn Harns. De earste sprekker op it sympoasium is bûtengewoan heechlearaar Yme Kuiper. De rykdom fan de stêd Harns yn de achtjinde ieu komt moai ta utdrukking yn de rike kolleksjes fan skilderijen en seagesichten dy troch de Harnzers Simon Styl en Nicolaas Baur by inoar brocht binne. Jeanine Otten fan it Hannemahuis fertelt dat der yn Harns yn de 19e ieu wol 120 ferskillende reders wiene. Dizze reders mei bekende nammen as Visser, Repco, Harmens en Rodenhuis hiene ekonomysk en maatskiplik in wichtige posysje en lieten dit ek graach blike. Historika Thea Roodhuyzen jout oan dat de Fryske admiraliteit benammen in wichtige posysje yn naam yn de twadde Ingelske Oarloch (1665-1667). Nei dizze oarloch ferkearde de Fryske admiraliteit eins kontinu yn jildpine net allinne troch in drege ferhâlding mei de Fryske Steaten mar ek troch wanbestjoer en korrupsje. Dr. Cle Lesger (UVA) jout oan dat de haven fan Harns yn de 17e en 18e ieu diel utmakke fan in grutter havensysteem wêryn Amsterdam de spil wie. Ferskillende fêste beurtfearen soargen kontinu foar ynteraksje. De haven fan Harns wie mei namme rjochte op de ymport (hout en graan) en eksport (pannen, stiennen, moppen, tsiis) fan en foar produkten út de provinsje sels. Neffens histoarikus Meindert Schroor is Harns ûntstean út in gearfoeging fan doarpen en parochys wêrfan in diel troch lanferlies is fergongen. Mei troch de beskikberens fan grunstoffen wist Harns oant in oansjenlike stêd út te groeie wat noch fersterkt waar troch de komst fan ferskillende Flaamse immigranten. Gerald de Weerdt (Nova Zembla experience) jout oan dat it neibouen fan it skip fan Willem Barentsz suksesfol ferrint. Hy hopet dat de oanbouw fan dit skip diel giet útmeitsje fan de Nova Zembla experience dêr`t ek it Waddencentrum en it Arktysk sintrum yn mei sille wurkje. Direkteur Hanno Brand fan de Fryske Akademy beslút dizze slagge middei mei it betankje fan de organisaasje en sjocht yn dit soart sympoasia in kâns om de kontakten tusken de mienskip en de akademy te ûnderhâlden.

| | | |
|---|---|---|
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |
| | | |

| Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes) | | |
|---|---|---|
| Datum | 1. | Skipsboek Hempenius (work in progress) |
| Namme tiidskrift of útjouwerij | | Maritime utjefte it Beaken (work in progress) |
| Auteur | | |
| Titel fan de publikaasje | | |
| Tal siden | | |
| Koarte omskriuwing thematyk \| doel publikaasje | | |
| | | |
| Datum | 2. | |
| Namme tiidskrift of útjouwerij | | |
| Auteur | | |

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

| | | |
|---|---|---|
| Titel fan de publikaasje | | |
| Tal siden | | |
| Koarte omskriuwing thematyk \| doel publikaasje | | |
| | | |
| Datum | 3. | |
| Namme tiidskrift of útjouwerij | | |
| Auteur | | |
| Titel fan de publikaasje | | |
| Tal siden | | |
| Koarte omskriuwing thematyk \| doel publikaasje | | |
| | | |
| **Eksjurzjes** | | |
| Datum | 1. | |
| Reisdoel | | |
| Gids \| gastsprekker | | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | |
| Koart ferslach | | |
| | | |
| Datum | 2. | |
| Reisdoel | | |
| Gids \| gastsprekker | | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | |
| Koart ferslach | | |
| | | |
| Datum | 3. | |
| Reisdoel | | |
| Gids \| gastsprekker | | |
| Opkomst (tal leden en oare gasten) | | |
| Koart ferslach | | |
| | | |
| **Oare aktiviteiten (bygelyks útfieringen musikologysk wurkferbân)** | | |
| | 1. | |
| | 2. | |
| | 3. | |

**FINÂNSJES**

| | | |
|---|---|---|
| **Totaal útjeften yn 2015** | **€** | **1510,35** |
| Spesifikaasje útjeften: | | |
| - Bestjoerssaken | € | 0 |
| - Gearkomsten | € | 0 |
| - Lêzingen | € | 0 |
| - Sympoasia | € | 1510,35 |
| - Publikaasjes | € | 0 |
| - Ekskurzjes | € | 0 |
| - Oare saken | € | 0 |

**BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN**

| |
|---|
| |

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

| |
|---|
| |
| |